

Ljouwert, april 2001

*'L..lit ús dan befleane dit wreedaardich rom
troch de soere appel, troch healripe prom'
Dobby*

Kosmyske reis yn byldzjende reportaazje nije bondel fan dichter Jouke Hylkema fan Boalsert


Titel: Op 'e kofje yn 'e kosmos
Skriuwer: Jouke Hylkema
Tal siden: 54
ISBN: 978 90 8954 152 9
Priis: € 12,50

Oer it boek:

Wy skriuwe it jier 2045: twa ierdlings bemanje it romteskip 'Nun' dat al acht jier ûnderweis is nei 'Sodom-y'. De NASA tinkt bewiisd te hawwen dat it libben op 'e planeet oerienkomst hat mei it ûntstean fan 'e ierde. De kosmonauten Dobby en Kommandant wisten by de lansearring al dat it op in tiidslinende ûndernimming útrinne soe. Al kin de minsk al withoefolle kearen hurder as it lûd, noch lang net kin er hurder as it ljocht.

Beide kosmonauten binne selektarre om't hja net troud binne, gjin famylje hawwe en hast gjin freonen. Dobby is sels mar foar in part minsklik!

Paradoksaal genôch stjoert de Kommandant syn befinings yn in byldzjende rapportaazje, ûnder oaren yn 'e foarm fan terzinen, nei de ierde. Dobby fernimt hoe't de poëtyske boadskippen fan syn kollega hieltyd religieuzer wurde wat mear it skip him ferwideret fan it molkweistelsel... En dan... bart der, lykas yn safolle SF-ferhalen, eat dat hast net ûnder wurden brocht wurde kin. Alle apparaten falle út, útsein it kofjesetapparaat!



Oer de skriuwer:

Yn 'Op 'e kofje yn 'e kosmos', hat Jouke Hylkema ferskillende foarmen ferwurke, sawol byldzjende poëzy, dialogen, monologen, mar ek in Preek. It gehiel falt yn tsjinstelling ta syn foarige bondel, *Beaburster monologen*, it bêste te omskriuwen as Rely-fiksje. Se foldocht oan itselde amorfte gefoel dat hy oerhâlde oan tweintich jier hersentumor. 'Amorf' is in ûntliening oan it Gryks, betsjutting: sûnder foarm'. Fûfentweintich jier nei genêzing is der dus dochs wer in foarm ûntstien wêryn't dy trochlibbe foarmleazens stal krijet. Op it stuit wurket Jouke Hylkema oan de

Nederlânske oersetting fan *Op 'e kofje yn 'e kosmos*.